



IT SKRIUWERSBÛN

REGLEMINT ESSAYPRIIS FOAR DIELNIMMERS

1. Ynstjoeringen

- 1.1 De ynstjoering moat rjochte wurde oan ynfo@skriuwersbun.nl. Dit is ek it korrespondinsjeadres fan it sekretariaat oer alle saken dy't mei de essaypriis te krijen hawwe.
- 1.2 Ynstjoeringen moatte op it boppesteande e-mailadres ûntfongen wêze foar tongersdei 2 april 2026, 00.00 oere. Essay's dy't nei dy tiid binnenkomme, wurde net yn oanmerking nommen.
- 1.3 Ynstjoerders krije yn 'e regel binnen in wurkdei berjocht fan ûntfangst.
- 1.4 Allinnich ynstjoeringen yn digitaal formaat, lêsbere en bewurkbere yn Word, wurde akseptearre.
- 1.5 De ynstjoering moat skreaun wêze yn it Frysk en mei maksimaal 2.000 wurden lang wêze.
- 1.6 It ûnderwerp fan de ynstjoering moat wêze: "Ferhalen fertelle" en it essay moat in orizjineel, sels skreaun, net earder publisearre wurk wêze.
- 1.7 Der mei mar ien essay per persoan ynstjoerd wurde.
- 1.8 De ynstjoeringen wurde troch it sekretariaat anonimisearre en as Word-en pdf-bestân binnen 3 wurkdagen trochstjoerd nei de sjueryleden. By it sekretariaat is bekend hokker ynstjoerder heart by hokker essay. Dizze ynformaasje wurdt pas dield mei de sjuery nei it trochjaan oan it sekretariaat fan de definitive top-3.
- 1.9 Bestjoerders fan it Skriuwersbûn en de sjuery sels binne útsletten fan kompetysje.
- 1.10 Foar de winners binne der trije prizen beskikber: 500 euro foar it earste plak, 250 foar it twadde plak en 100 euro foar it tredde plak. De prizen wurde beskikber steld troch It Skriuwersbûn en Tresoar.
- 1.11 De prizen wurde útrikt yn it wykein fan 19-21 juny. De spesifike datum, tiid en lokaasje wurde sa gau mooglik, en yn alle gefallen foar 2 april, bekendmakke. It kin wêze dat, troch net beskikber wêzen fan de sjuery of lokaasje, de útrikking op in lettere datum is.

2. Sjuery

- 2.1 De sjuery foar 2026 bestiet út:
 - Abe de Vries
 - Jelma Knol
 - Doeke Sijens
- 2.2 De sjuery beslút sels wa't de foarsitter is.
- 2.3 De sjuery beslút sels hoe't se fergaderje: online of op lokaasje.
- 2.4 De sjuery bepaalt sels de ynhâldlike kwaliteitskritearia foar de essays.
- 2.5 De sjuery kiest út de ynstjoeringen in top-3.
- 2.6 By de útrikking sil de sjuery in taljochting jaan oer de kar foar de winnende essays.
- 2.7 Oer de útslach wurdt net korrespondearre.



IT SKRIUWERSBÛN

3. Kommúnikaasje

- 3.1 De ynstjoerders krije binne 3 dagen berjocht fan ûntfangst fan It Skriuwersbûn. Fierder wurdt der net korrespondearre oer de fuortgong oant de bekendmakking fan de top-3.
- 3.2 Korrespondinsje mei de sjueryleden is net tastien. Ynstjoerders dy't kontakt opnimme mei de sjuery oer harren ynstjoering wurde útsletten fan dielname.
- 3.3 De top-3 krijt as earste berjocht oer de útrikking. De winner wurdt pas by de útrikking bekendmakke.

4. Tastimming

- 4.1 Ynstjoerders geane dermei akkoard dat harren namme en de titel fan it ynstjoerde essay, net allinnich dy fan de winners, bekendmakke wurdt/brûkt wurdt foar promoasje foar It Skriuwersbûn.
- 4.2 Ynstjoerders geane dermei akkoard dat as harren essay heart by de top-3, it essay publisearre wurdt. As publikaasje plaktfynt in in tydskrift dêr't gewoanlik in fergoeding foar betelle wurdt, wurdt ek dy fergoeding oan de winner(s) takend. Foar in spesjale útjefte of by in publikaasje online wurdt sjoen oft de winners ek dêr in publikaasjefergoeding foar krije.
- 4.3 Ynstjoerders geane dermei akkoard dat foto's fan de ynfojûn en útrikking fan de prizen brûkt wurde troch It Skriuwersbûn foar op de eigen website en foar oare (media)promoasje.